

Ferhalewedstryd grut sukses

Lykas foargeande jierren wie de Ferhalewedstryd dit jier in grut sukses. Jelle Bangma wun de wedstryd foar folwoeksenen en de earste junior-edysje waard wûn troch Jorick Speerstra.



Jelle Bangma en Jorick Speerstra by de utriking

It wie de fjirde kear dat de Ferhalewedstryd útskreaun is en der wie aardich wat fernijing: neist it Skriuwersboun, Friesch Dagblad en Omrop Fryslân, is underwiisorganisaasje Cedin no ek belutsen by de organisaasje fan de wedstryd.

In oare fernijing wie de Ferhalewedstryd foar jongerein, de junioare-edysje. Hjirfoar is gearwurke mei middelbere skoallen. As lêste fernijing hawwe Lida Dijkstra en Koos Tiemersma op ferskate plakken yn de provinsje 'workshops' jûn oer it skriuwen fan koarte ferhalen.

It hat allegear fertuten dien, want it tal ynstjoerings hat noch nea sa heech west: 40 by de junioaren, 79 by de senioaren. De sjuery fan Lida Dijkstra, Yvonne Dijkstra en Koos Tiemersma hawwe neist de winnende ferhalen fan Bangma en Speerstra ek prizen takend oan Forina van der Zee en Ytsje Hettinga (2^e en 3^e priis folwoeksenen) en oan Anna de Vries en Monique Bijsterbosch ((2^e en 3^e priis junioaren). Alle seis ferhalen binne publisjearre yn it Friesch Dagblad.

Sjoch [hjr it sjueryrapport](#).

Yn in live-útsjoering fan Bynt binne de winners bekendmakke. Omrop Fryslân hat de ferfilming fan it ferhaal fan Speerstra yntusken klear en dy wurdt yn juny yn trije dielen by Bynt útstjoerd.

Fan it bestjoer

Foar yn it bûsboekje: tongersdei 9 juny sjogge wy jo graach foar ús Algemiene Ledegearkomste by Tresoar. Sa'n ledegearkomste dogge wy fansels om de jierstikken fêststelle te litten, mar ek om it folgjende: begjin dit jier is ús bestjoerslid Auck Peanstra ferstoarn. Wy misse har noch alle dagen. Boppedat hat Anne Popkema oanjûn syn wurk net mear mei it bestjoerswurk kombinearje te kinnen.

Aldergeloks hat Andre Looijenga oanjûn bestjoerlid wurde te wollen, mar dat is nei ús sin noch net genoch.

Oars sein: wy ha slim ferlet fan nije bestjoersleden bruke. Soene jo tinke, in bestjoers-funskje is my tefolle, dan binne der ek projekten, lykas it Skriuwerswykein dêr't je oan meiwurkje kinne. Sjoch dêrfoar fierderop yn dizze Oesdrip.

Wy sjogge jo graach op 9 juny!

Dei Fryske literatuer

Op freed 7 oktober fynt De Dei fan 'e Fryske Letterkunde plak yn Tresoar, te Ljouwert. Dan is it op 'e kop ôf 350 jier lyn dat it testamint fan Gysbert Japicx foarlêzen waard. De haadlêzing wurdt fersoarge troch dr. Piet Gerbrandy en sil gear oer it fakmanskip fan Gysbert Japicx.

Oare sprekkers binne: dr. Alpita de Jong; Abe de Vries, Piter Boersma, Prof. Marc van Oostendorp, Friduwih Riemersma en prof. Henk van der Liet.

De organisaasje is yn hannen fan de Fryske Akademy, De Moanne, de NHL en Tresoar. It folsleine programma is te finen op de [webside fan de Fryske Akademy](#).

Skriuwersboun, is it Dingtiid?

It Skriuwersboun is dit jier úteinset mei in diskusjejun oer – hoe sil 't ek oars – de takomst fan de Fryske literatuer en Fryske taal. Tritich leden gongen dêroer yn petear mei Klaas Sietse Spoelstra fan DINGtiid, it advysorgaan foar de Fryske taal.

Sintrale fraach wie oft it spylfjild foar de Fryske literatuer earlik wie. It rôp tal fan reaksjes út de seal op. It hie net yn alle gefallen mei earlikens te krijen, mar it joech de foarsitter fan it orgaan dat de minister fan Ynlânske Saken en de deputearre fan Fryslân advisearret oer saken dy't te krijen hawwe mei it Frysk, genôch om oer nei te tinken. Hoe grut is de niget fan it Fryske



Klaas Sietse Spoelstra oer it spylfjild fan de literatuer

publyk oan taal en literatuer noch, dogge wy genôch om de taal libben te hâlden? Ek al binne der tal fan kreätive ideeën, dochts is der net in ynfrastruktuer dy't soks oppikt.

Bêste kollega-skriuwers,

ik wol my kandidaat stelle as bestjoerslid fan it Skriuwersbûn. Al nim ik oan dat ik net in folslein ûnbekende wêze sil, wol ik my dochts even foarstelle. Ik bin berne yn Tersoal yn 1982, en ik haw Gryksk en Latyn studearre yn Grins. Allinkenwei bin ik hieltyd mear 'yn it Frysk' bedarre.

Sûnt 2011 sit ik yn de redaksje fan it literêr tydskrift Ensafh. Behalve skôgjende stikken, skriuw ik út en troch gedichten yn it Frysk en hâld ik my dwaande mei reisferhalen. As oersetter en gearstaller wurkje ik op it stuit mei Bouke Slofstra en Anne Popkema oan in boek mei de antike en ier-midsieuske teksten oer de Friezen. Ik bin ek belutsen by it meitsjen fan in blomlêzing fan de Fryske literatuer (yn in brede sin fan it wurd) mei Ingelske oersettings. Dizze simmer mei ik acht wiken tahâlde yn Masedoanië, yn it ramt fan it nije literêre útwikselingsprogramma Oare Wurden; yn de stêd Bitola sil ik in reisreportaazje skriuwe en kontakten lizze mei de literêre fermiddens fan dat lân.

Fan it Skriuwersbûn bin ik al wer in pear jier lid. Ik sjoch ús bûn as in ûnmisbere belange-organisaasje dy't noed stiet foar wa't profesjoneel en kreatyf mei Fryske teksten wurket.



André Looijenga

Der sitte ferskate kanten oan wat it Skriuwersbûn foar ús betsjutte kin: oan de iene kant ynfloed útoefenje op it letterebelied fan de Provinsje en de kulturele ynstitúsjies, mar oan de oare kant in ramt biede foar praktyske en kreätive útwikseling fan ideeën en kennis. Oan sa'n ynspirearjend en fersterkjend Skriuwersbûn wol ik graach meiwurkje as bestjoerslid.

Mei freonlike groetnis,
André Looijenga

(advertinsje)

FeRstival 2016

Dizze oprop sil jo faaks bekend foarkomme.... Dat jo tinke: 'Jawis, it FeRstival, de foardrachtswedstryd foar learlingen út it fuortsetûnderwiis...'

En nei't ik hoopje: 'Dêr sil ik fan 't jier ris foar sitten gean en skriuw in gedicht!' Want dat is nedich! Wurde de fersen geskikt achte, dan sille dy bondele wurde yn it boekje FeRsefariaasje.

Dat sil nei de skoallen stjoerd wurde en dêr kinne de meidoggers dan in fers út kieze. Wy ha trije skiften:

- starters 1ste klasse basisfoarming, dus 12/13 jier;
- trochsetters 2de en 3de klassers, dus 14 en 15 jier;
- toppers 4de klassers, MBOers en HBOers, 16, 17 jier en âlder.

De groep Starters is de grutste, dus ha wy dêr ek de measte gedichten foar nedich. De útdaging is fansels om hjoeddeiske tematiken te ferwurkjen en út it perspektyf fan de jongeren wei te skriuwen. De groep Toppers kin al hiel wat oan en kiest faak moderne poëzij. Hoe dan ek, it is in prachtige manier om jongeren yn kontakt te bringen mei hjoeddeiske poëzij.

De fergoeding is € 75 as de karkommisje in fers útkiest. De karkommisje beoerdielet anonym. Graach bydrage(s) foar 10 juny o.s. nei: FeRstival / J. Bangma, Lavendelheide 21, 9202 PD Drachten óf j.bangma@cedin.nl. In protte ynspiraasje tawinske!

Jelle Bangma – seniorûnderwiisadviseur meartaligens / Cedin



Oprop: Skriuwerswykein

Op 29 en 30 oktober sil it Skriuwerswykein plakfine. Safolle is dudlik. Foar al it oare leit it allegear noch iepen. Wat sille wy dwaan, wa sille wy útnûgje, wêr sil it plakfine? It bestjoer wol it net allegear sels betinke, dat wy sykje leden dy't it Skriuwerswykein op in kreätive, nijsgjirrige en fernijende wize staljaan wolle. In mailsje nei bestjoer@skriuwersboun.nl is genoch om witte te litten datsts meiwurkje wolst

Stúdzjemiddei

BMD-F organisearret yn gearwurking mei 'Lân fan Taal' en de Ried foar de Fryske Beweging in stúdzjemiddei op 10 juny 2016, om 15.00 oere yn Tresoar.

Sprekker is Dr. Geert Driessen, ûndersiker oan de Radboud Universiteit Nijmegen. Tema: "Brûke jonge bern it Frysk noch?"

Oanmelde fia:
fierdermeifrysk@gmail.com

Iepening Gysbertjier

Sneon 21 maaie naam It Skriuwersboun yn de persoan fan Tryntsje van der Veer diel oan de paneldiskusje ta gelegenheid fan it begjin fan it betinkjier rûn Gysbert Japicxjier, dy't 350 jier ferlyn ferstoar.

It wie in nijsgjirrige gearkomste mei lêzings, muzyk en diskusje yn de Martinistjerke fan Boalsert.

Rjochts: Tryntsje van der Veer by de Martinistjerke



www.skriuwersboun.nl
Postadres: Postbus 2637, 8901 AC Ljouwert

Redaksje: Johannes Beers
bestjoer@skriuwersboun.nl